

**SKRIFTLIKE FRAGEN, ex artikel 41 Reglement van Orde**

Rjochte oan DS / lid DS	Kolleezje fan DS
<p>Ynljedende taljochting (fakultatyf)</p>	<p>Op snein 8 desimber yn Jorwert en op 9 maart yn Kleaster-Lidlum binne wynmûnen omfallen, yn beide gefallen by hurde wyn. Neffens de LC giet it yn beide gefallen om sirka 30 meter hege mûnen fan it merk Lagerwey, wêr't der yn de jierren '80 en '90 in soad fan boud waarden. De omfallen wynmûnen foelen op in skuorre en op in rêstige dyk.</p> <p>Artikel 3.14 fan it Aktiviteitenbeslút easket dat in wynturbine op syn minst ien kear yn it jier kontrolearre wurdt troch in saakkundige op it mêd fan wynturbines. De easken foar it plak-bûne risiko (PR) foar (beheind) kwetsbere objekten yn artikel 3.15a fan it Aktiviteitenbeslút jilde net foar wynmûnen fan foar 2011.</p> <p><i>Ferwizings:</i></p> <ul style="list-style-type: none"> <li>• Omrop Fryslân, 'Wynmûne Jorwert oerlibbet koade giel net' / LC, 'Windmolen bij Jorwert valt over openbare weg', 8 desimber 2019;</li> <li>• Omrop Fryslân, 'Wynmûne falt op stâl fan feehâlder yn Kleaster-Lidlum' / LC, 'Molen valt op stal in Klooster-Lidlum', 9 maart 2019;</li> <li>• <i>Jaarverslag Vergunningverlening, Toezicht en handhaving 2018 – Fysieke Leefomgeving Fryslân</i>, vastgesteld door GS d.d. 25 juni 2019;</li> <li>• § 3.2.3. Aktiviteitenbeslút Miljeubehear: <i>In werking hebben van een windturbine</i> / § 4.30 Beslút aktiviteiten leefomjouwing (Bal): <i>Windturbine</i>.</li> </ul>
	<ol style="list-style-type: none"> <li>1. Kontrolearret de provinsje de feiligens fan wynmûnen of is de provinsje fanút syn wetlike koördinaasjetaak foar de leefomjouwing by dit tafersjoch belutsen?</li> <li>2. Kin de provinsje oanjaan of de bedriuwers fan wynmûnen har hâlde oan de wetlike ferplichting om in jierlikse kontrôle út te fieren?</li> <li>3. Hat it kolleezje in oersjoch fan de âlderdom fan de wynmûnen yn Fryslân?</li> <li>4. As dat sa is, hat it kolleezje ynformaasje oer de ferâldering en de konstruktive feiligens fan wynmûnen yn Fryslân?</li> <li>5. As de bedriuwers fan in omfallen wynmûne dy ferfange wolle troch in nijen ien, oan hokker regels moatte sy dan foldwaan? Kinne sy binnen de besteande fergunningsromte op 'e nij bouwe, of jilde de nijste omjouwingsregels?</li> </ol>

	<p>6. Is it kolleezje it mei de FNP iens dat it in nuvere saak is dat it plak-bûne risiko (PR) by âldere wynmûnen heger wêze mei dan by nije wynmûnen?</p> <p>7. Ek yn it nije Beslút aktiviteiten leefomjouwing (Bal) sille foar âldere wynmûnen oare easken foar de eksterne feiligens jilde dan foar nije wynmûnen. Fynt it kolleezje dat winsklik?</p> <p>8. Wol it kolleezje dit ferskil yn feiligensnoarmearing oan de oarder stelle by it Ryk?</p>
--	---

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening)  Ut namme fan de FNP Steatefraksje,  Sijbe Knol
---------------	---

Datum	9 desimber 2019
-------	-----------------